

Hjerst

Fariaasje op: 'Maitiid'

tekst en muzyk: Geartsje Douma

D G A D G A
Spin - ne - web - ben yn 'e beam, glins - ter - j' yn 'e sin - ne.
D G A D A7 D
Blê - den, giel en brún en read, oer - al om my hin - ne.

2 Mei myn freonen op 'e fyts

nei it hege dykje.

Tassen fol meu ikeltsjes

en kastanjes sykje.

3 Kuierje meu heit en mem,

troch de blêden rinne,

'k Bin sa bliid, it is sa moai,

oeral om my hinne.

Suggestjes:

- Ut de gefoelens fan blydskeip en ferwûndering oer de moaie natuer wei, oanslute by it skeppingsferhaal.
- Besykje om de bern leafde foar de natuer by te bringen. Bern foarlibje en leare om sunich te wêzen mei de natuer.
- In hjerstkuier meitsje en poddestuollen en spinnewebben besjen en blêden, kastanjes, ikels ensfh. sykje.
- Hjerstmateriaal sammelje en besjen en dêrfan in hjersttafel of hjerststikjes meitsje.
- Tekene, skilderje, nifelje en prate oer de hjerst.